

PARSEBERJOCHT

28 desimber 2018

Nina Hiddema direkteur fan Omrop Fryslân

Nina Hiddema (55) is troch de Ried fan Kommissarissen beneamd as direkteur fan Stichting Omrop Fryslân. De benaming giet op 1 jannewaris 2019 yn. Hiddema folle de posysje fan direkteur fan Omrop Fryslân sûnt maaie 2018 al op ynterim-basis yn. Sy folget Jan Koster op, dy't yn maaie ôfskied naam fan de Omrop.

Nina Hiddema: "Ik haw de ôfrûne moannen de Omrop kennen leard as in moaie en bysûndere organisaasje. Ik set my dan ek graach de kommende jierren yn foar Omrop Fryslân en dizze moaie provinsje en har ynwenners. Ik sjoch der ek nei út om takom jier nei Fryslân te ferhúzjen." Ton Baas, foarsitter fan de Ried fan Kommissarissen fan Omrop Fryslân: "Mei de definitive oanstelling fan Nina Hiddema soargje we foar kontinuïteit by de Omrop. Dêrmei kin de blik wer foarút rjochte wurde."

Nina Hiddema wie earder ûnder oare wurksum as ynterim-manager by de Stichting Landgoed Mensinge yn Roden en as direkteur fan Theater Geert Teis yn Stadskanaal. Hiddema hat ek in jierrenlange ûnderfining yn de media. Sa wurke sy as Hoofd Varia en waarnimmend direkteur by RTV Drenthe en yn ferskate funksjes by lanlike telefyzjeproduzenten en omroppen. Fierder is Nina Hiddema lid fan de Ried fan Tafersjoch fan de Nederlandse Reisopera yn Enschede en fan Hanzehogeschool Groningen.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

28 december 2018

Nina Hiddema directeur van Omrop Fryslân

Nina Hiddema (55) is door de Raad van Commissarissen benoemd als directeur van Stichting Omrop Fryslân. De benoeming gaat op 1 januari 2019 in. Hiddema vulde de positie van directeur van Omrop Fryslân sinds mei 2018 al op interim-basis in. Zij volgt Jan Koster op, die in mei afscheid nam van de Omrop.

Nina Hiddema: "Ik heb de afgelopen maanden de Omrop leren kennen als een mooie en bijzondere organisatie. Ik zet mij dan ook graag de komende jaren in voor Omrop Fryslân en deze mooie provincie en haar inwoners. Ik kijk er ook naar uit om volgend jaar naar Fryslân te verhuizen." Ton Baas, voorzitter van de Raad van Commissarissen van Omrop Fryslân: "Met de definitieve aanstelling van Nina Hiddema zorgen we voor continuïteit bij de Omrop. Daarmee kan de blik weer vooruit gericht worden."

Nina Hiddema was eerder onder andere werkzaam als interim-manager bij de Stichting Landgoed Mensinge in Roden en als directeur van Theater Geert Teis in Stadskanaal. Hiddema heeft ook een jarenlange ervaring in de media. Zo werkte zij als Hoofd Varia en waarnemend directeur bij RTV Drenthe en in verschillende functies bij landelijke televisieproducenten en omroepen. Verder is Nina Hiddema lid van de Raad van Toezicht van de Nederlandse Reisopera in Enschede en van Hanzehogeschool Groningen.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.